

It Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse hie de Halbertsma-betinking organisearre en krige der yn Grou safolle leden by, dat in goed moanne letter in eigen Grouster krite fan it selskip oprjochte wurde koe. Ta gelegenheid fan it 125-jierich bestean fan folksliet én krite beleit de Krite Grou op freed 24 novimber in foarum oer 'De âlde Friezen' fan Halbertsma.

Nettsjinsteande de krytyk dy't der op it folksliet west hat – op it fenomeen fan folkslieten yn it algemien en op de tekst fan Halbertsma yn it bysûnder – hat it liet alle stoarmen oerlibbe. Op it foarum komme fragen oan 'e oarder as: is in folksliet noch wol fan dizze tiid? Sa al, kin in tekst út it begjin fan de 19de ieu dan noch wol yn 'e 21ste ieu brûkt wurde?

It Fryske folk fan doe is net mear te fergelykjen mei de tsjinwurdige multikulturele befolking fan Fryslân. Sûnt de Twadde Wrâldkriich roppe wurden as Frysk bloed en Fryske grûn dy't foar Eeltsje destiids in suvere betsjutting hiene, assosjaasjes op mei de smaak fan 'Blut und Boden'. Gerrit Heida, destiids kantonrjochter op 'e Sweach, hat der yn 1978 op oanstien it om dy reden ôf te skaffen en in oar liet foar kar te nimmen, bygelyks It Heitelân.

De Leeuwarder Courant hat, yn 'e

mande mei de Krite Grou, ierine jier in priisfraach útskreaun foar in eigentiidske tekst op deselde meldij fan Heinrich Chr. Schnoor, dêr't Halbertsma him yn syn jierren ek troch ynspirearre litten hat. De teksten moasten foar 1 april ynstjoerd wurde, sadat guon lêzers tochten oan in 1-aprilgrap. Sa'n oprop koe dochs net serius wêze?

Om misbegryp foar te kommen: de oprop wie al serius, mar it hat nea serius de bedoeling west Halbertsma syn 'âlde Friezen' te begraven en it priiswinnende Nije Friezeliet by allerhande offisjele gelegenheden foar kar te nimmen. De Krite Grou noch de Ljouwerter Krante hat it foech soks te besluten en sille der ek net by it provinsjaal bestjoer op oanstean. De winnende tekst sil

allinnich mar op de jubileumjûn fan de Krite Grou songen wurde troch it Grouster Mingd Koar: by wize fan aardichheidsje.

De oprop smiet 53 teksten op, dêr't de sjuery (Halbertsma-kenner Flipus Breuker fan de Fryske Akademy, koardirigint-musikus Hoite Pruiksma en LC-redakteur Pieter de Groot) him al sjongend mei fermakke hat. De sjuery hat grutte wurdearring foar it besykjen fan de tekstskriuwers: foar de measten hat it in wrakseljen west om de wize gjin geweld oan te dwaan.

De sjuery koe net ien liet oanwize

dêr't de tekst en de meldij sa'n floeiende ienheid yn foarmje as yn 'De âlde Friezen' en hat Eeltsje Halbertsma postúm ta winner útroppen. Tsien teksten achtet de sjuery lykwols publikabel. Dy steane op de folgjende side.

Ear't de neffens de sjuery op 'De

âlde Friezen' nei bêste tekst iepenbier makke wurdt, wolle wy Jo as lêzer fan dizze hûs oan hûs fersprate Simmer 2000-krante yn 'e gelegenheid stelle jo bêste tekst te kiezen. Hoe't jo ús dat witte litte moatte, kinne jo yn it kaderke op de oare side lêze. Om tefoaren te kommen dat jo jo ûnbewust beynfloedzje litte troch de namme fan de skriuwer, binne alle teksten hjir noch anonym hâlden.

As fergelikingsmateriaal printsje wy – yn de nije stavering – sawol de oarspronklike tekst fan 'De âlde Friezen' fan Eeltsje Halbertsma as de gongbere bewurking fan Van Loon út it Frysk Lietboek ôf. En in oerdruk fan de (oarspronklike) bledmuzyk.

It Mingd Koar Grou sil op 24 novimber sawol it winnende sjueryliet as it winnende publyksliet sjonge.

PIETER DE GROOT

*dim.*

er - de, It Frys - ce lân  
rit - sen Dy Frie - zen oan  
ea hwa  
tan kræ

**FRYSK FOLKSLIET**  
(út de bondel Fryslân Sjongt)

Frysk bloed tsjoch op! Wol no ris brûze en siede,  
En bûnkje troch ús ieren om!  
Flean op! Wy sjonge it bêste lân fan d'ierde,  
It Fryske lân fol eare en rom.  
(Twaris:) Klink dan en daverje fier yn it rûn  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Hoe ek fan oermacht, need en see betrutsen,  
Oerâlde, leave Fryske grûn,  
Nea waard dy fêste, taaie bân ferbrutsen,  
Dy't Friezen oan har lân ferbûn.  
(Twaris:) Klink dan en daverje fier yn it rûn  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Fan bûgjen frjemd, bleau by 't âld folk yn eare  
Syn namme en taal, syn frije sin;  
Syn wurd wie wet; rjocht, sljocht en trou syn leare,  
En twang, fan wa ek, stie it tsjûn.  
(Twaris:) Klink dan en daverje fier yn it rûn  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

Trochloftich folk fan dizze âlde namme,  
Wês jimmer op dy âlders great!  
Bliuw ivich fan dy grize, hege stamme  
In grien, in krêftich bloeiend leat!  
(Twaris:) Klink dan en daverje fier yn it rûn  
Dyn âlde eare, o Fryske grûn!

(Tekst Eeltsje Halbertsma, bewurke troch Jac. van Loon)